GEMEENTE
waadhoeke



KOÄLYSJE-AKKOART
GEMEENTE WAADHOEKE 2026 -2030

HJOED DWAAN WAT MOARN FREGET

SAM • GEMEENTEBELANGEN • CDA

Mei alles wat we dogge,
drage we by oan in sterke
en leefbere gemeente

FOAR DE ynwenners hjoed **én foar de** generaasje fan moarn

YNHÂLD

Mei-inoar sterk foar Waadhoeke 5

Us ambysje 6

Oan de slach!
Us plannen op fjouwer tema's 9
- ***Romte om te libjen*** 11
- ***Eltsenien docht mei*** 14
- ***In duorsume takomst*** 19
- ***Waadhoeke meitsje we mei-inoar*** 24



Wurd foarôf

Mei-inoarwurkjen bringt ús fierder

Op 18 maart 2026 hawwe SAM, Gemeentebelangen en CDA in breed mandaat krigen om mei-inoar ferantwurdlikens te nimmen foar it bestjoer fan Waadhoeke. Dat betrouwen wurdearje we bot. It jout ús enerzjy én in dúdlike opdracht. Mei ambysje en enerzjy wolle we it kommende tiidrek bouwe oan in sterke en takomstbestindige gemeente.

Dêrby bouwe we fierder op it fûnemint dat, de ôfrûne jierren sûnt it ûntstean fan Waadhoeke, lein waard en sjogge tagelyk foarút. De wrâld feroaret hurd en freget om karren te meitsjen, mar ek om moed en om gearwurking.

Wy wolle der wêze foar alle ynwenners fan Waadhoeke. Foar jong en âld. Yn stêd en doarpen. Ferbinen sjogge we as in wichtige opdracht. Wy wolle de mienskip fersterkje troch minsken, ideeën en inisjativen by inoar te bringen. Troch de ynbring fan eltsenien earnst te nimmen en gear te wurkjen. Sa komme we fierder.

Wy sette yn op in mienskip dêr't eltsenien kânsen yn kriget en nimmen op 'e sydline stiet. Wêr't romte is foar talint, inisjatyf en ûntwikkeling. En wêr't we soarchfaldich yn omgeane mei de fysike romt dy't we mei-inoar diele. Mei each foar inoar en foar de generaasjes nei ús.

By de formaasje hawwe we as trije partijen ynvestearre yn ûnderling betrouwen en yn gearwurking. Dy dielde basis foarmet it útgongspunt fan dit akkoart dat ús plannen foar de kommende fjouwer jier beskriuwt.

De maatskiplike opjeften binne grut en freegje om ambysje. Tagelyk binne we realistysk oer wat (finansjeel) kin. Wy meitsje in kar en bliuwe fleksibel yn in feroarjende tiid. Dêrom kieze we foar in akkoart op haadlinen, mei fokus op in oantal wichtige tema's.

Wy sjogge dernei út om mei-inoar oan 'e slach te gean. Mei enerzjy, betrouwen en grutskens.

Let ús hjoed dwaan wat moarn freget.

Ut namme fan de fraksjes fan SAM, Gemeentebelangen en CDA.

Hanna van der Werff (SAM),
Douwe Kamstra (Gemeentebelangen) en
Sietze Greidanus (CDA)



GOED BESTJOER MEITSJE WE MEI-INOAR

Mei-inoar sterk foar Waadhoeke

Gemeente Waadhoeke stiet oan it begjin fan in nij riedstiidrek, mei in nije koälysje fan SAM, Gemeentebelangen en CDA. Mei 19 fan de 29 sitten drage we mei-inoar ferantwurdlikens foar it bestjoer fan ús gemeente.
Dy ferantwurdlikens nimme we mei oertsjûging én mei de ambysje om mei-inoar resultaten foar Waadhoeke te boeken.

Wy wolle bouwe oan in iepen en konstruktive relaasje mei de gemeenterie as heechste bestjoersorgaan fan de gemeente. Wy sykje ek de *gear*wurking mei ynwenners, bedriuwen en organisaasjes. Want goed bestjoer meitsje we mei-inoar.

Helder profyl as basis

By de koälysjefoarming hawwe we wiidweidich stilstien by de wearden dy't ús ferbine en de wize fan gearwurkjen. Wy leauwe dat in helder profyl de basis foarmet foar in súksesfol bestjoer. Yn dit haadstik beskriuwe we wêr't we as koälysje foar steane.

Hjir steane we foar:

KOERSFÊSTENS

Wy binne *koersfêst*. Wy witte wêr't we hinne wolle. Us doelen jouwe hâldfêst, ek as de waan fan de dei om omtinken freget. Want grutte maatskiplike útdagings freegje fan ús dat wy sjogge nei de lange termyn. Mei alles wat we dogge, drage we by oan in sterke en leefbere gemeente. Foar de ynwenners hjoed én foar de generaasje fan moarn.

ENERZJY EN MOED

Mei *enerzjy en moed* meitsje we hieltyd wer in kar. We doarre te fernijen. Dat betsjut dat we net fuortrinne foar útdagings. Wy binne ambisjeus sûnder oerdwylsk te wêzen. Wy binne net blyn foar maatskiplike ûntwikkelingen en nimme de ynbring fan oaren earnst. Wy harkje om echt te begripen en te ûnderfinen wat de oar fynt en driuwt. En hoe't we dêrmei fierder of better kinne.

GEARWURKING YN IEPENENS

Wy binne der foar de minsken en steane midden yn 'e mienskip. Ut *iepenens* en nijsgjirrigens wei sykje we nei de *gearwurking*. Wy binne tagonklik, tichtby en lykweardich yn ús kontakt. It is ús oertsjûging dat eltsenien meidwaan kinne moat. En dat we út in dielde ferantwurdlikens wei mei-inoar mear berikke as elts foar him- of harsels.

ROMTE

Dêrom biede wy *romte*. Oan ynwenners, ûndernimmers en organisaasjes. Foar inisjativen en nije ideeën. Want krekt troch eksperimintearjen en learen komme we fierder. Dat betsjut ek dat we it inoar en oaren gunne om flaters te meitsjen. Dêrby binne we der fierder altyd dúdlik oer oant hoefier't dy romte rikt. Oer wêr't ús ferantwurdlikens ophâldt en dy fan oaren begjint.

FERANTWURDLIKENS EN BETROUWEN

Wy lizze út wat we dogge en wêrom. Dêrby binne we earlik oer de karren dy't we makken en dúdlik oer wat der wol en net kin. Sa bouwe we stapke foar stapke oan it *betrouwen* fan minsken yn ús as oerheid.

Us ambysje

It is goed wenjen, wurkjen en libjen yn Waadhoeke. Ynwenners binne oer it algemien tefreden mei harren libben en fiele harren feilich. De mienskip is sterk. Yn doarpen en wiken sette minsken harren aktyf yn foar harren omjouwing. Dat is in krêft dêr't we grutsk op binne. Dêr bouwe we fierder op.

Untwikkelingen en kânsen

Fierder bouwe betsjut ek dat der ynspile wurde moat op feroarings. Wy sjogge mear âlderein, minder jongerein, lytsere húshâldings en minder minsken op 'e arbeidsmerk. Dat fernimme we bygelyks yn 'e soarch, it ûnderwiis, op 'e wenningmerk en arbeidsmerk. Njonken útdagings biede dy feroarings ek kânsen. Tink oan nije wenfoarmen, brede skoallen, ynnovaasje en digitale soarch.

Waadhoeke is in grutte gemeente mei in protte doarpen. De ôfstannen nei foarsjennings binne relatyf grut. Dat freget om goede berikberens, benammen foar minsken dy't minder mobyl binne. Dêrom ferbetterje we ferbinings en pakke we ferkearsknipepunten oan.

Yn Waadhoeke is der in knoarre wurk yn sektoaren lykas detailhannel, soarch, lânbou, yndustry en bou. In protte bedriuwen binne midden- en lytsbedriuwen of famyljebedriuwen. Foar harren is it somtiden lestich om mei te bewegen mei feroarings. Dêrom sette we yn op ynnovaasje en in duorsume ekonomy.

De romte, it lânskip en de Waadkust meitsje Waadhoeke oantreklik. Wy wolle wenje, wurkje en libje. Wy koesterje it grien om ús hinne. Troch it meitsjen fan tûke karren kombinearje we dy winsken sa goed mooglik en fersterkje we de libbensomjouwing.

De krêft fan Waadhoeke sit yn 'e doarpen en wiken. Ynwenners binne belutsen en sette harren yn foar harren omjouwing, bygelyks fia ferienings, frijwilligerswurk of mantelsoarch. Tagelyk bliuwe foarsjennings, winkels en ferienings net út harren sels bestean. En ek alle ynwenners dogge noch net mei. Dêr geane we mei oan de slach. Wy sjogge kânsen yn nije foarmen fan gearwurking en lokale inisjativen, lykas multyfunksjonele moetingsplakken, om de leefberens op peil te hâlden.

De kommende jierren benutte we kânsen om Waadhoeke te fersterkjen. Wy soargje foar passende wenten, in krêftige ekonomy en in libbensomjouwing dy't klear is foar de takomst. Fierder hâlde we foarsjennings berikber, soargje dat eltsenien meidwaan kin en stypje de krêft fan doarpen en wiken.

Fjouwer tema's

Wy bouwe fierder oan in gemeente dêr't it ek yn 'e takomst foar eltsenien goed wenjen, wurkjen en libjen is. Dat dogge we op fjouwer tema's dy't we yn dit koälysje-akkoart op haadlinen beskriuwe:

1. **Romte om te libjen** beskriuwt ús plannen foar wenjen, berikberens en in feilige en oantreklike libbensomjouwing.
2. **Eltsenien docht mei** beskriuwt ús plannen foar soarch, wolwêzen, sport, kultuer en it sosjaal domein.
3. **In duorsume takomst** beskriuwt ús plannen foar ekonomy, ûnderwiis en duorsumens.
4. **Mei-inoar meitsje we Waadhoeke** beskriuwt hoe't we bestjoere, gearwurkje en ús posysje fersterkje.

Nei it fêststellen fan dit koälysje-akkoart wurde ús plannen fierder útwurke yn in kolleezjeprogram. Foar in oantal ûnderwerpen hawwe we konkrete ôfspraken makke. Dy bringe we yn dit akkoart yn aparte ramten yn byld.



Oan de slach!

ÚS PLANNEN OP
FJOUWER TEMA'S



Wy ynvestearje yn in oantreklike libbensomjouwing mei genôch romte foar grien

Utljochte
Soarchfâldich fierder mei Vliet-Tuinen

Fan in bedriuwsterrein in oantreklike wenomjouwing meitsje. Dat is it doel fan de ûntwikkeling fan de wyk Vliet-Tuinen yn Frjentsjer.
It bestimmingsplan 'Franeker – Tuinen en Vliet' is yn 2025 troch de gemeenterie fêststeld. Fanwegen in beropsproseduere leit it plan op 't stuit ta beoardieling by de Rie fan Steat.

De útspraak yn dy proseduere bepaalt it ferfolch fan it projekt. Oant dan dogge we gjin nije tasizzings of útspraken oer de ynhâld fan it plan.
Nei de útspraak binne der twa mooglike rjochtings: it bestimmingsplan bliuwt yn stân of moat op ûnderdielen oanpast wurde. Yn beide gefallen pakke we it ferfolch soarchfâldich op. Dat dogge we mei each foar de kwaliteit fan de libbensomjouwing en in goede ynpassing yn it gebiet.

Wy fine it wichtich om op 'en nij yn petear te gean mei bewenners. Wy sette yn op it reparearjen fan betrouwen en it ferbetterjen fan de kommunikaasje. Dêrby benutte we ûnder oaren it rinnende ferkearskundich ûndersyk nei berikberens, ferkearsfeiligens en parkearen.

Romte om te libjen

Wy bouwe oan in feilige, berikbere en oantreklike libbensomjouwing. Mei passende wenten, tûke ynrjochting en omtinken foar feiligens soargje we foar leefbere doarpen en wiken.

Libbensomjouwing yn balâns

Wy bouwe oan in gemeente dêr't it noflik wenjen, wurkjen en libjen is. Yn in sûne en leefbere omjouwing mei doarpen en wiken dêr't we grutsk op binne. Wy koesterje in weardefol lânskip dêr't lânbou en natuer mei-inoar yn yn balâns binne. Dêrom wurdt by it meitsjen fan in romtlike kar altyd mei it gehiel rekken hâlden en mei each foar de takomst.

Wy wolle ynwenners en bedriuwen safolle mooglik dúdlikens en gemak biede as der in kar oer de fysike libbensomjouwing makke wurdt. Grutte romtlike ûntwikkelingen weagje we yntegraal ôf. Wy belûke ek ynwenners op 'e tiid by plannen dy't harren libbensomjouwing reitsje.

Dêrnjonken ynvestearje we yn in oantreklike libbensomjouwing mei genôch romte foar grien. Lânskiplike eleminten en natuerlike wearden behâlde en fersterkje we ûnder oaren mei help fan it Omjouwingsplan. By ynwreidingslokaasjes hawwe we each foar kwetsbere gebouwen en karakteristike plakken en sykje we nei passende nije funksjes.

Hjir sette we de kommende fjouwer jier ekstra op yn:
- Wy stribje nei it ferminderjen fan de regeldruk.
- Wy hâlde 'Verken jouw idee' yn stân sadat inisjatyfnimmers rap witte oft harren doel kânsryk is. Dêrby ûndersykje we de mooglikheid om leezjes te heffen dy't by fergunningsferliening yn mindering brocht wurde. In flotte earste sken soe dêrby neat kostje moatte.
- Wy geane soarchfâldich mei de romte om. Wy kieze foar ynwreiding wêr't it kin en útwreiding wêr't it moat.
- By útwreiding fan wenjen en bedriuwigens soargje we foar genôch griene buffers.
- Wy steane posityf foar inisjativen foar in natuerbegraafplak yn Waadhoeke oer.

Betelber en passend wenjen

De kommende jierren bliuwt de fraach nei wenten yn Waadhoeke grut. Oant 2035 binne sa'n 1.100 ekstra wenten nedich. Dêrom bouwe we betelbere en passende wenten yn sawol de stêd as ek yn ús doarpen. Dêrby hawwe we each foar leefberens, duorsumens en de oanwêzigens fan foarsjennings.

Wy pakke ús rezjyrol mei in folkshúsfestingprogram dêr't we yn stjoere op oantallen, lokaasjes en doelgroepen. Dêr fiere we in aktyf grûnbelied by en soargje we foar genôch kapasiteit en middels om wenningbou te reälisearjen. Wy fiere de bou fan betelbere wenten op. Dêrby sette we yn op op syn minst 30% sosjale hier en twa tredde betelber yn 'e nijbou-opjefte.

Dêrnjonken ferbetterje we it wenoanbod foar spesifike doelgroepen. Wy stypje begjinners by it finen fan in wenning. Wy meitsje ek mear libbensrinbestindige wenten mooglik. Sa kin de âlderein langer selsstannich yn harren eigen omjouwing wenjen bliuwe.

Hjir sette we de kommende fjouwer jier ekstra op yn:
- Wy monitoarje ús erfpachtpilot en nimme op grûn dêrfan in beslút oer fierdere ynset.
- Wy ferkenne en stimulearje de ynset fan fleksibele wenten.
- Wy steane posityf foar inisjativen foar wenfoarmen oer wêrby't wenjen en soarch kombinearre wurde.
- Wy benutte besteande gebouwen better troch werbestimming, wentesplitsing en erfsplitsing. Wy pakke ek leechstân en fertutearze gebouwen oan.

Wy meitsje wurk
fan feilich, betrouber en
duorsum ferkear en ferfier
foar eltsenien





Feilich wenjen en wurkjen

Wy wolle dat ynwenners en ûndernimmers harren feilich fiele kinne. En wy hannelje wêr't soks nedich is. Wy pakke ek ûnfeilige plakken en situaasjes doelrjochte oan.

Hieltyd faker wurde leechsteande loadsen en gebouwen brûkt foar ûnderminende aktiviteiten. Wy sette yn op it tsjingean fan organisearre en ûnderminende kriminaliteit. Dat dogge we troch gear te wurkjen mei regionale partners, sinjalen aktyf op te pakken en goed gebrûk te meitsjen fan beskikbere ynstruminten, lykas de Algemene Plaatselijke Verordening (APV). Wy nimme ek diel oan Meld Misdaad Anoniem. Mei it projekt Cybersûn meitsje we ynwenners en bedriuwen mear striidber tsjin digitale kriminaliteit.

Wy pakke jongereinoerlêst oan en foarkomme dat jongerein ôfglidet rjochting kriminaliteit. Dêrby wurkje we nau gear mei plysje en jongereinwurk en sette we yn op betide sinjalearring en jongereinprevinsje. Dêrnjonken bliuwe we alert op it beskermjen fan de demokratyske rjochtssteat, ûnder oaren troch kennis en bewustwurding binnen ús organisaasje en by partners te fersterkjen.

Flot en berikber ûnderweis

Ynwenners, ûndernimmers en besikers moatte harren flot en feilich troch ús gemeente ferpleatse kinne.

Dêrom meitsje we wurk fan feilich, betrouber en duorsum ferkear en ferfier foar eltsenien. Wy ynvestearje yn ferkearsfeiligens, berikberens en duorsume mobiliteit. Dêrby hâlde we each foar leefberens yn doarpen en wiken.

Wy ferbetterje de ferkearsfeiligens troch ús mobiliteitsfisy wêr't soks mooglik is flotter út te fieren. Wy soargje foar in dúdlike en werkenbare ynrjochting fan diken en in logyske kombinaasje fan ferkearsstreamen. Sa is it foar ferkearsdielnimmers fuortendaliks dúdlik hokker gedrach oft der ferwachte wurdt. Dêrnjonken hâlde we it fytsnetwurk op oarder troch besteande fytspaden te ûnderhâlden en te ferbetterjen. Doarpen en wiken hâlde we berikber. Sa komme we ûnlogyske ôfslutings en omrydrûtes tefoaren. Wy soargje foar mear iepenbiere laadpeallen.
Iepenbier ferfier bliuwt wichtich foar de berikberens fan ús gemeente. Dêrom bliuwe we yn petear mei doarpen en wiken oer it ferlet fan iepenbier ferfier. Wy stypje ek inisjativen foar nije foarmen fan ferfier en dielmobiliteit.

Hjir sette we de kommende fjouwer jier ekstra op yn:

- Wy meitsje de fytssneldyk F31 tusken Ljouwert en Harns ôf en losse restearjende knipepunten op. Dêrby sykje we ko-finansiering by de Provinsje Fryslân en it Ryk.
- Wy pakke it knipepunt yn it sintrum fan Sint-Anne oan.
- Wy aktualisearje de mobiliteitsfisy en de nota parkearnoarmen. Dêrby hawwe we omtinken foar de tanimmende parkeardruk, ûnder oaren yn Sint-Anne, by sporthal De Trije yn Frjentsjer en by de treinstasjons yn Frjentsjer en Dronryp.
- Wy stelle in yntegraal mobiliteitsplan foar Frjentsjer op.
- Wy ûndersykje it ferlet oan in ekstra jûnstrein of lette busferbining mei Ljouwert yn it wykein en begjinne by foldwaande ferlet mei in pilot.
- By ûnderhâld fan ynfrastruktuer kieze we foar duorsume materialen mei in langere libbensdoer en legere ûnderhâldskosten.

Utljochte
Ferbettering rûnwei Frjentsjer

Wy wolle de rûnwei fan Frjentsjer ferbetterje. We sjogge dêrby kânsen om dat gebiet te ûntwikkeljen ta in foarbyldprojekt dêr't berikberens, ferkearsfeiligens en romtlike kwaliteit hân yn hân yn geane.

De rûnwei en Oud Kaatsveld binne krúsjaal foar de berikberens fan Frjentsjer, mar soargje no foar knipepunten yn trochstreaming, ferkearsfeiligens en leefberens. Mei de bou fan mear wenten yn Frjentsjer-Súd en de bou fan nije skoallen yn it gebiet Bloemketerp nimme de swierrichheden allinnich mar ta. Yn 'e kommende fjouwer jier pakke we dy opjefte fêstberet oan.

Wy wolle trije wichtige ferkearsknipepunten oplosse:

- Bloemketerp kriget in feilige ûntsluting fia de eastlike rûnwei passend by it oantal bern dat dêr nei de bou fan de skoallen gebrûk fan makket, bygelyks by it oerstekken.
- Op Oud Kaatsveld warre we frachtferkear.
- De westlike rûnwei rjochtsje we op termyn sa yn dat it frachtferkear better trochstreame kin én der tagelyk in oantreklike omjouwing ûntstiet.



Eltsenien docht mei

Yn Waadhoeke moat eltsenien meidwaan kinne. Likefolle oft it no soarch, sport, kultuer of moeting oanbelanget. Wy bouwe oan in mienskip dêr't minsken nei inoar yn omsjogge en kânsen krije.

In krêftige sosjale basis foar eltsenien

Yn Waadhoeke kinne ynwenners op inoar én op de gemeente rekkenje. Eltsenien moat de romte krije om mei te dwaan, harren te ûntwikkeljen en sa selsstannich mooglik te libjen. Wy sjogge dêrby nei wat minsken sels kinne, wat se mei-inoar dogge en wêr't stipe nedich is. Wy steane foar in minskwurdich, feilich en gastfrij bestean.

Foarkommen is better as genêzen. Dêrom sette we yn op previnsje. Wy wurkje oan sterke doarpen en wiken, dêr't moeting, ferbining, meidwaan, sûn iten en bewegen de sosjale basis foarmje. Leechdrompelige, frij tagonklike foarsjennings soargje derfoar dat ynwenners tichteby hûs stipe fine, foardat profesjonele soarch nedich is. Ferienings, kultuer en wolwêzeninisjativen binne dêrby ûnmisber.

Ynwenners dy't soarch of stipe nedich hawwe, kinne dy ienfâldich oanfreegje. Eltsenien dy't wurkje kin, moat dy stap meitsje kinne. Us ynwenners ûnderfine genôch finansjele besteanswissens om sûn en kânsryk te libjen.

Hjir sette we de kommende fjouwer jier ekstra op yn:

- Wy meitsje in ienfâldige rûtekaart, sadat ynwenners witte wêr't se mei fragen oer soarch, wolwêzen en wurk terjochte kinne. Foar regelingen en foarsjennings kinne ynwenners terjochte by ien loket.
- It doarpe- en wikefûns wurket tige goed en bliuwt de kommende fjouwer jier bestean.
- Boargerinisjativen wurde behannele mei it útgongspunt 'ja, mitsdat'. Der is in fêst oansprekpunt dat inisjatyfnimmers stipet.
- Wy ferkenne útwreiding fan de oanpak fan De Opstap nei oare doarpen en wiken.
- Wy fersterkje en boargje de gearwurking tusken ûnderwiis, ûndernimmers en oerheid fia it sosjaal-ekonomysk aksjeprogram *Het Goud van Noordwest*.
- Wy ferlingje de pilot *Groeituin* yn Wier mei in jier. Wy sjogge *Groeituin* begjinnend by 2028 as in basisfoarsjenning fan Empatec.
- Wy biede maatwurkbegelieding oan ynwenners dy't út de bystân wei oan it wurk geane, om ûnwissigens, stres en tebekfal foar te kommen.
- Wy fersterkje de gearwurking mei húsdokters fia de akkounthâlder eksterne ferwizers en de praktykstipers GGZ-jongerein.
- Wy nimme ús ferantwurdlikens by it útfieren fan de Spriedingswet.

Sport en bewegen

Alle ynwenners fan Waadhoeke moatte sporte en bewege kinne, ûnôfhinklik fan âldens, ynkommen of beheining. Sport en beweging drage by oan sûnens, moeting en de leefberens yn ús doarpen en stêd. Dêrom ynvestearje we fierder yn in krêftige basis. Dat dogge we likegoed by ferienings as op skoallen, bygelyks troch it ynsetten fan de regisseur Jongeren Op Gezond Gewicht (JOGG).

Wy stypje sportferienings en oare sportoanbieders en stimulearje gearwurking, bygelyks fia TeamFRL. Dêrby is der omtinken foar Fryske en streeksporten, lykas keatsen en fierljeppen, ûnder oaren fia skoalprojekten.

Wy steane foar in minskwurdich, feilich en gastfrij bestean



Wy fiere it akkommodaasjebelied út fia it Omgevingsprogramma Accommodaties. Wy sjogge nei klustering en keppelkânsen tusken foarsjennings, mei behâld fan wichtige funksjes yn ús doarpen. By ferfanging fan sportfjilden folgje we dat belied ek.

Hjir sette we de kommende fjouwer jier ekstra op yn:
- Wy begjinne in pilot Gratis Aktyf rjochte op ynwenners fan 65 jier en âlder.
- It swimbad op Bloemketerp yn Frjentsjer wurdt dizze bestjoersperioade iepene.
- Wy sette ús maksimaal yn foar it behâld fan in takomstbestindige swimfoarsjenning yn Sint-Anne.
- Wy ikerje op 'e nij it sportbelied op yntegraal belied foar sport en bewegen. Mei ekstra omtinken foar (griene) boartersplakken en bewegen yn 'e iepenbiere romte.

Kultuer en erfgoed as krêft fan Waadhoeke

Kultuer, taal en erfgoed drage by oan de identiteit, sosjale gearhing en leefberens fan Waadhoeke. Kultuer spilet dêrnjonken in wichtige rol yn 'e persoanlike ûntwikkeling en it wolwêzen fan minsken. Dêrom ynvestearje we yn in sterke en tagonklike kulturele ynfrastruktuer.

Wy behâlde en fersterkje kultuer en erfgoed. Wy fiere it fêststelde erfgoedbelied út en soargje derfoar dat de basis op oarder is. Dat dogge we ûnder oaren mei in erfgoedregister, it yn kaart bringen fan kultuerhistoaryske wearden en it beskermjen fan gemeentlike monuminten. Waadhoeke beskikt oer in bysûnder bestân oan histoaryske tsjerkoargels. Yn oparbeidzjen mei it oargelfjild soargje we foar mear bekendheid en it brûken fan dy oargels, bygelyks fia in oargelrûte troch Waadhoeke. Wy ynvestearje fierder yn it ferbetterjen fan de tagonklikens fan erfgoed, ûnder oaren troch de digitalisearring derfan.

Dêrnjonken ynvestearje we yn in sterke kulturele basis troch gearwurking tusken kulturele organisaasjes, amateurferienings en profesjonele ynstellingen te stimulearjen. Taal en meartaligens sjogge we as krêft en hannelsmerk fan Waadhoeke. Dêrom stimulearje we it brûken fan Frysk, Biltsk, Frjentsjertersk en Nederlânsk by kultuer, eveneminten, ekonomy en yn kommunikaasje fan de gemeente.

Hjir sette we de kommende fjouwer jier ekstra op yn:
- Wy wolle de kultuerhistoaryske ferhalen fan Waadhoeke better fertelle, bondelje en útdrage. Dat dogge we ûnder oaren mei help fan Visit Noardwest Fryslân.
- Wy omearmje de nije koers fan teäter De Koornbeurs en stelle de besteande middels binnen de hjoeddeiske ôfspraken dêrfoar ek fierder noch beskikber. Dêrnjonken moedigje we gearwurking mei oare organisaasjes, hoareka en it Koninklijk Eise Eisinga Planetarium oan om nije kânsen te kreëarjen.
- Foar de kultuersektor yn Waadhoeke jildt: ynnovative takomstbestindige plannen dy't fuortkomme út gearwurking, beoardielje we op helberens. Dêrfoar is allinnich ynsidintele finansjele stipe - mocht dat nedich wêze - mooglik.
- Wy geane yn petear mei Seewyn Kunsteducatie oer de gearwurking mei amateurferienings, wêrby't socht wurdt nei oansluting by it ferlet fan dy ferienings. De gearwurking moat binnen it besteande budzjet ferbetterje.
- Wy sette it belied foar Frysk, Biltsk, Frjentsjertersk en Nederlânsk fuort.
- Wy geane troch mei de taalkampanje. Yn 2028 biede taal en kultuer ekstra kânsen, omdat yn dat jier ûnder oaren 10 jier gemeente Waadhoeke en 175 jier PC fierd wurde.

Gastfrij genietsjen yn Waadhoeke

Wy bouwe oan in duorsume gastfrijheidssektor dy't bydraacht oan de leefberens, kultuer, natuer en lokale ekonomy fan Waadhoeke. De Waadsee en it Planetarium fan Eise Eisinga (beide UNESCO Wrâlderfgoed) biede grutte kânsen foar rekreaasje en toerisme.

Wy soargje foar in oantreklike en 'te belibjen' omjouwing likefolle foar ynwenners as besikers. Dat dogge we



TAAL EN MEARTALIGENS SJOGGE WE AS KRÊFT EN HANNELSMERK FAN WAADHOEKE

ûnder oaren troch te ynvestearjen yn rekreätive kuier- en fytsrûtes. Wy stypje ek eveneminten dy't bydrage oan de libbenens fan ús gemeente. By einbeslút wolle we besikers langer oan ús regio bine mei in fariëarre en duorsum oanbod.

Hjir sette we de kommende fjouwer jier ekstra op yn:
- Wy ferbetterje it rekreätive rûtenetwerk, bygelyks fia boerelânpaden, doarpsompaadsjes en farrûntsjes.
- Wy ferleegje de regeldruk foar eveneminte-organisaasjes troch yn te setten op mearjierrige subsydzjes en fergunnings.
- Wy stribje nei mear oernachtingsmooglikheden yn Waadhoeke. De ekstra ynkomsten út in ferheging fan de toeristebelesting ynvestearje we foar in part op 'e nij yn 'e sektor

Utljochte
Gratis Aktyf yn Waadhoeke

Gratis Aktyf Waadhoeke is in inisjatyf fan de gemeente Waadhoeke, yn oparbeidzjen mei Stichting Seewyn Kunsteducatie en Stichting Sport Fryslân. Mei dat program kriget jongerein fan 12 oant en mei 23 jier de kâns om leechdrompelich en sûnder kosten yn beweging te kommen.

Wy kontinuearje Grats Aktyf Waadhoeke.
De pilot ferlingje we oant en mei 2028. Healwei 2027 evaluearje we it inisjatyf. Op basis dêrfan bepale we hoe't we nei 2028 fierder geane. Dielnimming bliuwt yn alle gefallen sûnder finansjele drompel. Sa meitsje we sport en kultuer foar eltsenien tagonklik en stimulearje we in aktive, sûne en enerzjike generaasje.



Wy bouwe
oan in krêftige,
takomstbestindige en
ûndernimmende
ekonomy





In duorsume takomst

Wy bouwe oan in takomstbestindige gemeente. Mei in krêftige ekonomy, goed ûnderwiis en in sûne libbensomjouwing yn balâns mei natuer en miljeu. Sa soargje we ek goed foar de generaasjes nei ús.

Ondernimmen mei romte foar waaksen

Wy bouwe oan in krêftige, takomstbestindige en ûndernimmende ekonomy. Mei romte foar ynnovaasje, duorsume wurkgelegenheid en ekonomyske waaksdom. Wy stimulearje gearwurking tusken ûndernimmers, ûnderwiis, oerheid en ynwenners. Sa kinne bedriuwen harren ûntwikkelje en krije alle ynwenners de kâns om mei te dwaan op de arbeidsmerk.

Wy sette yn op takomstbestindige bedriuwigens. Wy stimulearje bedriuwen om te ynvestearjen yn ferduorsuming, ynnovaasje en gearwurking, bygelyks op bedriuwsterreinen. Dêrby is omtinken foar kollektive oplossings foar netkrapte, fergriening en sirkulariteit. Wy soargje ek foar genôch beskikbere bedriuwskavels yn Frjentsjer en leverje maatwurk yn 'e rest fan de gemeente. Dêrnjonken wurkje we oan in sterk ûndernimmingsklimaat en winne we nije bedriuwen om harren yn ús gemeente te fêstigjen.
Fitale winkelgebieten sjogge we as úthingboerd en moetingsplak fan ús gemeente. Dêrom stypje we winkelgebieten yn Frjentsjer en Sint-Anne fierder mei help fan sintrummanagement en oanjagers dy't gearwurking fersterkje. By einbeslút fersterkje we de gearwurking tusken ûnderwiis, ûndernimmers en oerheid. Fia inisjativen lykas *Het Goud van Noordwest* bringe we partijen byinoar en stimulearje we ûnder oaren banebeurzen en inisjativen foar jongerein dy't út byld driigje te reitsjen.

Hjir sette we de kommende fjouwer jier ekstra op yn:

- Wy ferbetterje de gemeentlike tsjinstferliening oan ûndernimmers. Sa hawwe we omtinken foar ús kommunikaasje en we meitsje prosessen ienfâldiger en oersichtliker.
- Wy wolle it Raadhuisplein yn Frjentsjer ûntwikkelje ta in oantrekliker gebiet om ta te hâlden.
- Wy ûndersykje mooglikheden om leechsteande en fertutearze gebouwen yn winkelgebieten oan te pakken.
- Wy bringe sosjale doelgroepen, lykas ynwenners fan it asylsikerssintrum en statushâlders, yn kontakt mei ûndernimmers yn 'e regio.
- Wy fiere it fêststelde belied foar húsfesting fan arbeidsmigranten út en sette der faasje efter as soks mooglik is.



In sterke lânbou yn balâns mei lânskip en natuer

Feefokkerij, lânbou en glêstúnbou binne fan grutte betsjutting foar Waadhoeke. Yn oparbeidzjen mei gruthannel, yndustry en leveringsbedriuwen foarmet de lânbou in wichtige motor fan ús ekonomy. Tagelyk steane we foar grutte útdagings, tink oan nije regeljouwing, klimaatferoaring en it sâlt wurden fan de grûn. Dêrom bouwe we oan in krêftige lânbousektor mei takomst. In sektor dy't duorsum ferbûn is mei lânskip, natuer en de mienskip. Us fisy en ambysjes lizze we fêst yn it omjouwingsprogram lanlik gebiet. Dêryn besteegje we ûnder oaren omtinken oan de iepenens fan it lânskip.

Hjir sette we de kommende fjouwer jier ekstra op yn:

- Wy stimulearje agrarysk natuerbehear. Dat dogge we yn gearwurking mei agraryske kollektiven.
- Wy befoarderje duorsume en natuerynklusive lânbou.
- Wy stypje de koarte keat en fergrutsje de bekendheid dêrfan.
- Wy organisearje struktureel oerlis mei agraryske en natuerorganisaasjes.
- Wy sette de bestimmingsreserve Ontwikkelfonds ek yn foar projekten op it mêd fan bioferskaat en lânbou.

Duorsum foarút: energzjyneutraal en sirkulêr

Wy wolle as gemeente it goede foarbyld jaan yn duorsum hanneljen en wurkje ta nei in enerzjyneutrale gemeente yn 2040. Mei de duorsumensaginda geane we ûnfermindere fierder. By alles wat we dogge, nimme we sirkulariteit as útgongspunt. Wy wurkje de kommende jierren op trije spoaren:

Oars mei enerzjy omgean betsjut dat we net mear enerzjy ferbrûke as dat we sels duorsum opwekje. Wy stypje enerzjykoöperaasjes en ûndersykje mienskiplike eigendomsmodellen foar opwekjen en opslach. Wy evaluearje ek de enerzjygearwurking op bedriuwsterreinen, lykas kollektive batterijen, sinnepanielen, wyn en tûke stjoering. Wy sette yn op ynnovaasje en stribje nei emisjeleaze ynfrastrukturele projekten. Wy wurkje net mei oan it fêstigjen fan datasintrums.

Oars mei natuer omgean betsjut dat we ekologyske wearden behâlde en fersterkje. Dat dogge we bygelyks troch griene inisjativen fan ynwenners te stypjen. Wy geane fierder mei it ûndersyk nei it sâlt wurden fan de grûn.

Oars mei grûnstoffen omgean betsjut dat we ynsette op ôffalskieding, bewustwurding, ôffalprevinsje en risaikling. It kommende tiidrek wolle we ynwenners bewust meitsje fan de mooglikheden dy't der binne om ferantwurde te konsumearjen.

Hjir sette we de kommende fjouwer jier ekstra op yn:

- Wy ûndersykje de mooglikheden om in eigen gemeentlik waarmte- en enerzjybedriuw op te setten, yn gearwurking mei lokale koöperaasjes.
- By projekten yn 'e iepenbiere romte hawwe we ekstra omtinken foar fergriening en klimaatadaptaasje.
- Wy optimalisearje ôffalskieding, bewustwurding, ôffalprevinsje, ferwurking en risaikling. Dêrby sjogge we ek nei de mooglikheid fan Diftar.

Utljochte

Op 'en paad nei in energzjyneutrale Waadhoeke

Wy wolle dat Waadhoeke yn 2040 energzjyneutraal is. Dat betsjut dat we alle enerzjy dy't we brûke duorsum opwekje. Wy geane dêrby fierder op de koers dy't de ôfrûne jierren ynsetten is.

De gemeente hat it ôfrûne tiidrek wurke oan it klimaatlânskip. Yn de fierdere útwurking en op grûn fan opdiene ynsichten kieze we derfoar om dat projekt ûnderdiel te meitsjen fan it Gebiedsproces Duurzaam Waadhoeke. Dêrby sjogge we mei klam breder as allinnich it sykgebiet by Seisbierrum. Yn dat proses bringe we enerzjy, natuer, wetter en libbensomjouwing byinoar. Dat helpt ús om goede, gearhingjende karren te meitsjen, de gearwurking te fersterkjen en ynwenners aktyf te belûken. Wy soargje der boppedat foar dat op syn minst 60% fan de opbringsten fan duorsume enerzjy te'n goede komt oan ús ynwenners, mei ekstra omtinken foar de doarpen dy't de measte ympekt ûnderfine.

De enerzjy dy't we yn 2040 brûke, moat duorsum opwekke wêze. Wy geane op 'e siik nei logyske lokaasjes foar opwekjen en opslach fan enerzjy, rjochte op it yn balâns bringen fan fraach en oanbod fan enerzjy. Nije ûntwikkelingen lykas bioenerzjy, SMR en akwatermy hâlde we yn 'e kuer. Tagelyk sette we stabyl yn op enerzjybesparring, mei as doel it folsleine enerzjygebrûk mei likernôch in tredde te ferminderjen.

Inisjativen fan enerzjykoöperaasjes stypje we, mitsdat dy goed passe by de omjouwing en de mienskip. Dêrnjonken ferbetterje we de kommunikaasje en it kontakt mei ynwenners, sadat plannen dúdlik binne, soargen earnst nommen wurde en it draachflak fergrutte wurdt.

Yn Waadhoeke kriget eltsenien gelikense kânsen om him of har te ûntwikkeljen

Kânsen foar alle talinten

Yn Waadhoeke kriget eltsenien gelikense kânsen om him of har te ûntwikkeljen. Bern, jongerein en folwoeksenen moatte harren talinten ûntdekke en benutte kinne. Underwiis, berne-opfang, soarch, wolwêzen en de lokale ekonomy wurkje dêrby nau gear. Sa bouwe we oan in krêftige basis foar persoanlike waaksdom en de takomst fan ús regio.

Underwiis fynt plak yn takomstbestindige, feilige en duorsume gebouwen. Wêr't soks mooglik is kombinearje we funksjes, sadat skoallen bydrage oan krêftige en leefbere kearnen. De kommende jierren reälisearje we nije skoalgebouwen op Bloemketerp, yn Menaam en yn Winsum.

Wy sette yn op gelikense ûntwikkelkânsen. Wy stypje dêrom inisjativen lykas Waadkracht. Wy subsidiearje ek programs foar kultuer, natuer, sport en meartaligens. Dêrnjonken fersterkje we de oansluting tusken ûnderwiis en arbeidsmerk.

Hjir sette we de kommende fjouwer jier ekstra op yn:

- Wy stimulearje ynnovatyf ûnderwiis, lykas de Einsteinclass, it lear-wurkplein en technykûnderwiis.
- Wy stypje skoallen dy't wurkje oan ynklusyf ûnderwiis.
- Wy stelle in nij yntegraal húsfestingsplan Underwiis fêst. Dêrby is der ek omtinken foar griene skoalpleinen, yntegrale bernesintrums en krêftige doarpsskoallen.
- Wy sette de gearwurking tusken ûnderwiis, ûndernimmers en oerheid fia Het Goud van Noordwest fuort.

In normaal en sûn libben

Alle ynwenners fan Waadhoeke krije de kâns om fearkrêftich, wjerstânskrêftich, kânsryk en sûn op te waaksen, te libjen en sûn âlder te wurden. Wy meitsje de beweging fan soarch nei sûnens en wurkje fierder út it tinken wei fan positive sûnens: fan sykte en soarch nei gedrach, sûnens en wolwêzen.

Wy stelle in nije nota sûnensbelied fêst en weagje sûnens struktureel mei yn alle domeinen fan belied en útfiering (Health in All Policies). Wy soargje tagelyk ek foar in sûn begjin foar bern fia de trochûntwikkeling fan de keatoanpak Kansrijke Start. Dêrnjonken rjochtsje we ús fierder op it tefoarenkommen en tebekkringen fan oergewicht.

Wy stimulearje in sûne en aktive libbensstyl en sette yn op previnsje fan gebrûk fan ferslaavjende middels. Tagelyk fersterkje we de mentale sûnens, ûnder oaren troch it fuortsetten en wêr't soks mooglik is útwreidzjen fan Welzijn op Recept.

Wy hawwe ek omtinken foar fitaal âlder wurden. Wy wurkje fierder oan in deminsjefreonlike gemeente en stimulearje moetings en beweging. Ta beslút soargje we foar in libbensomjouwing dy't útnûget ta bewegen, boartsjen en moetsjen.

Hjir sette we de kommende fjouwer jier ekstra op yn:

- Wy fiere Opgroeien in een Kansrijke Omgeving (OKO) yn. Dy lislânske oanpak rjochtet him op it tefoaren kommen fan alkohol-, drugs- en tabaksgebrûk troch jongerein troch in libbensomjouwing te bieden dêr't se lokkich en sûn yn opwaakse kinne.
- Wy ûndersykje de mooglikheden om earstelinesoarch tichteby te fasilitearjen.
- Wy meitsje konkreet wurk fan ús ambysje: Waadhoeke is in ynklusive gemeente. Wy evaluearje it hjoeddeiske antydiskriminaasjebelied en de útfieringsaginda ynklúzje en ferskaat 2023–2025. Op grûn dêrfan stelle we nij ynklúzje- en diversiteitsbelied op, mei dêryn in Lokale Ynklúzje-Aginda rjochte op bettere tagonklikens.







Waadhoeke meitsje we mei-inoar

In sterke gemeente meitsje we mei-inoar. Wy soargje foar goede en tagonklike tsjinstferliening. Wy wurkje gear mei ynwenners, ûndernimmers, organisaasjes en oare oerheden. Wy fersterkje ek ús posysje yn ‘e regio, yn Nederlân en dêrbûten.

In gemeente ticht by syn ynwenners

Wy steane foar in betroubere, begryplike en tagonklike oerheid foar eltsenien. In protte giet goed en tagelyk sette we troch mei it ferbetterjen fan ús tsjinstferliening en ús hâlden en dragen rjochting klanten. Ein 2025 hawwe we ús fyzje op tsjinstferliening aktualisearre. Dy fyzje foarmet de basis foar de fierdere ûntwikkeling fan ús organisaasje en stipe fan ynwenners, ûndernimmers en partners.

Wy ferbetterje ús digitale tsjinstferliening, ûnder oaren mei MijnWaadhoeke en troch te ûndersykjen hoe’t we AI feilich en ferantwurde ynsette kinne. Mei help fan de biblioteken stypje we ynwenners by it fersterkjen fan harren digitale feardichheden.

Wy wurkje oan bettere berikberens en hegere klanttefredenens, dy’t we struktureel mjitte mei help fan ûndersiken en klantreizen. Dúdlike en begryplike kommunikaasje stiet sintraal, mei omtinken foar tagonklik taalgebrûk en kwaliteitsboarging.

Wy wolle sichtber en tichteby wêze. Dêrom wurkje we fierder mei foarútskode amtners, lykas doarps- en wykkoördinatoaren, akkountmanagers en in evenemintekoördinator. Wy organisearje ek ús tsjinstferliening fysyk tichteby ynwenners. It serviceloket yn Sint-Anne sette we struktureel fuort.

Meitinken en meidwaan

Wy wolle in belutsen en tsjinstbere gemeente wêze, dêr’t ynwenners en ûndernimmers dúdlik yn witte hoe’t se ynfloed útoefenje kinne op belied en útfiering. Partisipaasje moat dúdlik, werkenber en op ‘e tiid plakfine. Dêrom stelle we in partisipaasjeferoarderings- en oerkoepeljend partisipaasjebelied op. Dêrby wurkje we mei de partisipaasjeljedder. Sa is foarôf dúdlik hokker rol ynwenners en ûndernimmers hawwe by gemeentlike beslútfoarming.

Wy belûke ynwenners en ûndernimmers op ‘e tiid by plannen dy’t harren libbensomjouwing reitsje. Wy wolle ek ferskate groepen better berikke en nije foarmen fan meitinken en meidwaan ferkenne. Jongerein kriget dêrby mei klam in plak: harren stim moat op in passende en effektive wize meinommen wurde yn besluten oer de takomst fan Waadhoeke.

Hjir sette we de kommende fjouwer jier ekstra op yn:

- Wy ûndersykje de ynstelling fan in âldereinrie.
- Wy eksperimintearje mei partisipaasjeynstruminten lykas in boargerberie en Right to Challenge.
- Wy evaluearje de hjoeddeiske opset fan de jongereinrie en de berneboargemaster en fersterkje wêr’t soks nedich is de wize wêrop’t jongerein belutsen wurdt by beslútfoarming.



WY STEANE FOAR IN BETROUBERE, BEGRYPLIKE EN TAGONKLIKE OERHEID FOAR ELTSENIEN



Wy fersterkje ús posysje yn ‘e regio en rjochting it Ryk en Europa

Waadhoeke yn posysje foar de takomst

Wy wurkje doelberet oan de ûntwikkeling fan Waadhoeke op de lange termyn. Dêrby fersterkje we ús posysje yn ‘e regio en rjochting it Ryk en Europa, sadat we ús belangen goed behertigje kinne en kânsen benutte kinne.

Wy sette de strategyske ûntwikkelingsaginda en de ûntwikkelingslinen út de nota Herijking Ontwikkelperspectief fuort. Tagelyk yntinsivearje we ús gearwurking troch aktyf diel te nimmen oan regionale, nasjonale en Europeeske programs en netwurken.

De Waadsee hat ynternasjonaal en nasjonaal de heechst mooglike beskerme status. It tijgebiet is UNESCO Wrâlderfgoed én it is it grutste Natura 2000-gebiet fan ús lân; dat fanwegen de unike natuerwearden. By de waadkust lâns lizze wichtige kânsen foar lânskiplike, ekonomyske en toeristyske ûntwikkeling. Dy kânsen benutte we wêr’t soks mooglik is binnen ekologyske grinzen en fersterkje we troch de nota Perspectief op de Waddenkust út te fieren. Dêrnjonken bliuwe we aktyf belutsen by it Fries Programma Waddenkust en de Vereniging Waddenzeegemeenten.

Ta beslút sette we yn op in robúste belangebehertiging, mei doelfêste lobby, krêftige netwurken en it aktyf benutten fan finansieringsmooglikheden.

Finansjeel yn balâns, no en aanst

In solide en takomstbestindige finansjele húshâlding is de basis ûnder dit koälysje-akkoart. Wy stribje nei in begrutting dy’t sawol op koarte as ek op lange termyn yn balâns is. Wy meitsje by de finansjele mooglikheden ûnderskied tusken strukturele en ynsidintele middels.

Us útgongspunt is dat de begrutting foldocht oan it advys fan de VNG: it earste jier fan de mearjierrebegrutting moat slutend wêze. Foar de oare trije jierren fan de mearjierrebegrutting brûke we it rapport ‘Toekomstbestendige begroting’ om karren te meitsjen. Dat rapport jout ynsjoch yn ‘e karromte yn ‘e begrutting en de finansjele en maatskiplike effekten. De taakstelling Sociaal Domein wurdt ynfolle yn oerienstimming mei dat rapport. Wy hawwe ek noch altyd betrouwen dat it Ryk gemeenten úteinlik genôch kompensearje sil foar harren taken en ferantwurdlikheden.

De Algemiene Reserve is ús finansjele buffer om ynsidintele ôffallers op te heinen. Troch wizige omstannichheden yn ‘e risiko’s en nei ferliking mei oare gemeenten, binne wy fan betinken dat in oanpassing fan de risikofaktor fan 1.2 nei 1.0 ferantwurde is. Wy wolle de earder fêstleine ûndergrins fan de Algemiene Reserve ferleegje fan € 15 nei € 10 miljoen. Dêrtroch ûntstiet der romte om te ynvestearjen. Dat dogge we soarchfâldich en allinnich foar ynsidintele útjeften, ynvestearrings dy’t strukturele besparrings opsmite of it dimpen fan takomstige lêsten.

By finansjele karren sykje we earst nei besparrings, effisjinsje en alternative ynkomsten. Fan 2028 ôf meitsje we de rioelheffing stapke foar stapke kostedekkend, ûnder oaren fia taryfdifferinsjaasje. It ferheegjen fan de ûnreplike-saakbelesting (OZB) foar ynwenners en ûndernimmers, njonken de reguliere ynflaasjekorreksje, is foar ús de minst winske opsje.

Wy freegje it kolleezje dit koälysje-akkoart út te wurkjen yn in kolleezjeprogram, ynklusyf de finansjele oersetting yn ‘e begrutting.

adres
Harlingerweg 18
8801 PA Franeker

postadres
Postbus 58
8800 AB Franeker

online
www.waadhoeke.nl
info@waadhoeke.nl

tillefoan
0517 380 380